

Meitsje fan in stap
tebek in sprong foarút

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Hutten

Timmerdoarp yn De Klomp in sukses; sa'n 75 bern gongen oan de slach mei pallethout

Pagina 3>



Yn 'e Mande

It doarp moast earst efkes oan it idee wenne, mar it pakte goed út foar Siebe Greidanus

Pagina 3>



Frouljus PC

Sjanet Wijnia út Wommels wint wol, mar moat keninginnepriis ôfstean oan Ilse Tuinenga

Pagina 23>

Kroechferhalen Douwe de Bildt binne samle yn boekje 'De Jorwerter Dweilstikken'

„Hoe wie dat hast ek al wer, ju? Fertel it noch ris.”

Jorwert – It binne de ferhalen, dy't by in doarp hearre. Smoute, ûntroerende, humoristyske en somtiden healwize ferhalen, dy't ferteld binne oan de taap yn de kroech en dêr't ferskriklik om lake is. En letter binne se noch in kear ferteld en dêrnei noch ris en miskyn noch ris. „Hoe wie dat hast ek al wer, ju? Fertel it noch ris.”

Troch Hinne Bokma

Yn Jorwert gong it net oars. Op freedtejûn, oan it ein fan de wurkwike, troffen de Jorwerter inoar yn it smoute doarpskafee en waarden de ferhalen mei in protte fjoer ferteld. Douwe de Bildt hat in grut part fan dy kroechferhalen optekene en yn de ôfrûne jierren stiene se ûnder de titel 'Dweilstikken' yn de Jorwerter doarpskrante De Hiele Toer. No binne 45 ferhalen samle yn it boek 'De Jorwerter Dweilstikken', dat op sneon 25 augustus presintearre is op de boppeseal fan it kafee. De earste eksemplaren wiene foar freon Gjalt van der Hem en Eef Dijkstra, it eardere kastleinske fan Jorwert. Yn 1971 ferhuze Douwe de Bildt (1952) fan Ljouwert nei Jorwert. Hy holp feehâlder Johannes Adema gauris mei it ynheljen fan it hea, it mjuksjen en it sturtwaskjen en priuwde doe de sfear fan it doarp. „In iepen doarp, je hearden der daliks by.” Douwe woe der wol wenje en fûn in plakje yn de pastori, yn dy tiid bewenne troch dominy Anne Wopke Vlieger. „Ik hie dêr in solderkeammerke en seach út op de Jorwerterfeart.” Tsjinoer de pastory stiet it kafee.

Ambachtslju

It wiene yn de dy tiid noch alle-gearre winkelstjes, ambachtslju en boeren yn Jorwert. Trije winkels mei libbensmiddels, in bakker, in slachter, in timmerman, in fracht-rider en gean sa mar troch. Al dy middenstanners hiene harren eigen ferhalen, dy't yn it kafee ferteld waarden. „Ik wie befreone mei Gjalt van der Hem en wy kamen wol ris yn it kafee om in bierke. Ik sûge dy ferhalen op as in spûns”,



Douwe de Bildt is grutsk op it boekje. Foar it omslach is ien fan syn eigen skilderijen brûkt

Foto: Guus van de Sande.

fertelt Douwe.

Douwe de Bildt stie fan 1985 oant 2012 op de skoalle yn Easterwierum foar de klasse. Fan 1985 oant 2005 wenne er yn it Mantgumer húske, oan de Swette by Mantgum. Mar de bân mei Jorwert is altiten bleaun. Hy hie dêr syn freonen en wie as toanielspiler en bestjoerslid belutsen by it Iepenloftspul.

Yn 2005 kaam er werom nei Jorwert en pakte er it doarpslibben wer op. Fan de redaksje fan de doarpskrante kaam doe it fersyk om in fêste rubryk te fersoargjen. Net folle letter stie Douwe syn earste 'Dweilstik' yn De Hiele Toer. De titel ferwiist nei de bynamme fan de Jorwerter. Se waarden Dweilstikken neamd en dat kaam

fanwege it drankgebrûk. Yn it boek *Baerderadiel*, in *geakunde* wurdt ferteld fan dûmny Bernardus Aquila, dy't yn 1639 yn Jorwert beroppen is. Hy mocht sa graach in slokje, dat er mear yn de romer as yn 'e bibel seach. En ek heareboer Lamoraal Sluijterman (1757-1838) koe der wat mei. Hy wol fan in fersetsje. „Geregeldwei siet er mei syn hyn-der-en-koets yn 'e feart om't er as in dweil sa dronken wie”, skriuwt De Bildt yn syn foaropwurk yn it boekje.

Healwizichheden

„De ferhalen jouwe de basale healwizichheden yn it doarp wer.” De bysûndere útdrukkingen, dy't de Jorwerter brûkten, binne der yn

werom te finen. Sa sei Hindrik Meinsma „sa min als in bak spikers”, as him frege waard hoe't it mei him gong. It measte is wier bard. „Fansels is der in sauske oer hinne getten, binne se hjir en dêr in bytsje oandikke. It is kroechpraat.” De Bildt sitearret yn ien fan syn ferhalen de skriuwer Godfried Bomans: „Zodra de spreker gaat liegen wordt het interessant, dan heb je te maken met een schepping.”

Douwe de Bildt is grutst op it boekje. Foar it omslach is ien fan syn eigen skilderijen brûkt. In skilderij fan it kafee yn de winter. It slut moai oan by syn winterjûnennocht-ferhalen. It bringt de lêzers werom nei de tiid fan

eartiids, doe't der noch gjin ynternet en gjin mobylstjes wiene. „Douwe de Bildt heeft met zijn 'Dweilstikken' iets heel bijzonders gedaan. Hij trotseerde deze tijdgeest, hij ging op zoek in die schroothoop, hij groef ze weer op, verhaal na verhaal, en hij poetste ze op tot kleine schatten. Hij riep de liefde voor zijn Jorwert weer tot leven”, skriuwt Douwe's buorman Geert Mak yn syn neiwurd. Utkearaun is De Bildt noch net. Minsken bliuwe wol ferhalen fertellen. „De bemanningsleden fan it Jorwerter skûtsje ha wer hiele oare ferhalen.” It boekje is útjûn troch útjouwerij Bornmeer. De tekst is korrigearre en redigearre troch Marja Schotanus.

22 SEPTEMBER '18 #
GREID#OEK' FESTIVAL
BOBEK
TSJEK DE BYLAGE YN DIZZE SKILLE

30 jaar Attie's
Mode en Schoenen
Woensdag 12 september
Wommels

Timmer- & Aannemersbedrijf van Ruiten
OOK STALLING MOGELIJK
INFO@AANNEMERVANRUITEN.NL • 06 - 24 629 763 • WOMMELS

skilder nedich
www.skilder.nl
06 - 53360461